

PARSEBERJOCHT



Nûmer: 029 KV
Datum: 6 maaie 2025

Frysk Filmfûns fan start: yngvestearring yn Fryske taal en kultuer

Mei de oprjochting fan de Stichting Frysk Filmfûns yngvestearret de provinsje Fryslân alle jierren €341.642,- yn de Fryske taal- en kultuersektor. Deputearre Steaten hawwe besletten it fûns oant en mei 2028 te stypjen. Net allinnich is dat wichtich foar de fitaliteit fan de Fryske taal fia Fryske audiofisuele produksjes, mar ek foar de bredere kulturele sektor, benammen op it mēd fan talintûntwikkeling yn de filmwrâld.

De Stichting Frysk Filmfûns is yn maart oprjochte en sil it Frysk Filmfûns beheare, finansieringen oanlûke en regelingen iepenstelle. Der komme yn alle gefallen regelingen foar opkommende en fêstige makkers, koarte en lange films en dokumintêres en it ûntwikkeljen en produsearjen fan skripts en produksjes. De provinsje sil gjin ynfloed hawwe op de regelingen, de aanfragen en de takenningen.

Njonken it belang van de sichtberens en fitaliteit fan it Frysk hat it Frysk Filmfûns ferskate oare positive effekten. Sa docht út ûndersyk fan it Nederlânsk filmfûns bliken dat elke euro yngvestearre troch it filmfûns €4,12 oan ekstra yngvestearringen yn de yndustry opleveret: dat is goed foar de Fryske filmsektor en de Fryske makkers, mar ek foar de Fryske taleveringsyndustry en de Fryske ekonomy yn it algemien lykas Fryske hoareka-bedriuwen. Fierder litte sifers sjen dat de kreative yndustrysektor ien fan de hurdst groeiende sektoaren yn Noard-Nederlân is. In groeiende Fryske filmsektor kin in positive bydrage leverje om Fryslân ek op dat mēd ynternasjonaal op de kaart te setten. Yn it foarste plak om't de nije films en dokumintêres ûntwikkele wurde foar in ynternasjonaal publyk dat hieltyd makliker te berikken is.

Deputearre Eke Folkerts: “*Troch mearjierrick te yngvestearjen yn it Frysk Filmfûns sette wy yn op de fitaliteit fan de Fryske taal én de takomst fan ús kreative sektor. Mei it Frysk Filmfûns biede wy konkrete stipe aan kreative makkers yn Fryslân. Dat soarget net allinnich foar meer Frysktalige films en dokumintêres, mar ek foar wurkgelegenheid, ynnovaasje en ynternasjonale sichtberens fan ús taal en provinsje. Mei dizze yngvestearring jouwe wy ek konkrite útfiering aan de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer.*”

Ek deputearre Sijbe Knol is tige wiis mei de oprjochting fan it Frysk Filmfûns. “*Dit fûns biedt kânsen foar de hiele Fryske filmsektor. As jonge filmmakker hast soms gewoan de kâns nedich om in start meitsje te kinnen en dy fierder te ûntwikkeljen. It Frysk Filmfûns biedt dy kâns en draacht tagelyk by oan in sterke kulturele ynfrastruktuer. Fan talintûntwikkeling oant profesjonele produksje: it fûns stipet de filmsektor yn de folle breedte.*”

PERSBERICHT



Nummer: 029 KV
Datum: 6 mei 2025

Frysk Filmfûns van start: investering in Friese taal en cultuur

Met de oprichting van de Stichting Frysk Filmfûns investeert de provincie Fryslân jaarlijks €341.642,- in de Friese taal- en cultuursector. Gedeputeerde Staten hebben besloten het fonds tot en met 2028 te steunen. Dat is niet alleen belangrijk voor de vitaliteit van de Friese taal via Friese audiovisuele producties, maar ook voor de bredere culturele sector, met name op het gebied van talentontwikkeling in de filmwereld.

De Stichting Frysk Filmfûns is in maart opgericht en zal het Frysk Filmfûns beheren, financieringen aantrekken en regelingen openstellen. Er komen in ieder geval regelingen voor opkomende en gevestigde makers, korte en lange films en documentaires en het ontwikkelen en produceren van scripts en producties. De provincie zal geen invloed hebben op de regelingen, de aanvragen en de toekenningen.

Naast het belang van de zichtbaarheid en vitaliteit van het Fries heeft het Frysk Filmfûns diverse andere positieve effecten. Zo blijkt uit onderzoek van het Nederlands filmfonds dat elke euro geïnvesteerd door het filmfonds €4,12 aan extra investeringen in de industrie oplevert: dat is goed voor de Friese filmsector en de Friese makers, maar ook voor de Friese toeleveringsindustrie en de Friese economie in het algemeen zoals Friese horecabedrijven. Verder laten cijfers zien dat de creatieve industriesector een van de snelst groeiende sectoren in Noord-Nederland is. Een groeiende Friese filmsector kan een positieve bijdrage leveren om Fryslân ook op dit gebied internationaal op de kaart te zetten. In de eerste plaats omdat de nieuwe films en documentaires worden ontwikkeld voor een internationaal publiek dat steeds makkelijker te bereiken is.

Gedeputeerde Eke Folkerts: “Door meerjarig te investeren in het Frysk Filmfûns zetten we in op de vitaliteit van de Friese taal én de toekomst van onze creatieve sector. Met het Frysk Filmfûns bieden we concrete steun aan creatieve makers in Fryslân. Dat zorgt niet alleen voor meer Friestalige films en documentaires, maar ook voor werkgelegenheid, innovatie en internationale zichtbaarheid van onze taal en provincie. Met deze investering geven we ook concrete uitvoering aan de Bestuursafspraak Friese Taal en Cultuur.”

Ook gedeputeerde Sijbe Knol is erg blij met de oprichting van het Frysk Filmfûns. “Dit fonds biedt kansen voor de hele Friese filmsector. Als jonge filmmaker heb je soms gewoon de kans nodig om een start te kunnen maken en je verder te ontwikkelen. Het Frysk Filmfûns biedt die kans en draagt tegelijkertijd bij aan een sterke culturele infrastructuur. Van talentontwikkeling tot professionele productie: het fonds steunt de filmsector in de volle breedte.”